

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
o.f. Mr. drs. H.G.J. Bruins Slot
Postbus 20011
2500 EA DE HAACH

Ljouwert, 6 jannewaris 2023

Rju achte minister Bruins Slot,

Taheakke fine jo it brief dat DINGtiid ein desimber 2022 nei Deputearre Steaten fan Fryslân stjoerd hat. Mei dat brief wurdt ynfolling jûn oan it eardere fersyk fan Deputearre Steaten oan DINGtiid om ta in advys te kommen rûnom de universitêre frisistyk.

In de bijlage vindt u de brief die DINGtiid eind december 2022 naar Gedeputeerde Staten van Fryslân heeft gestuurd. Met die brief wordt invulling gegeven aan het verzoek van Gedeputeerde Staten aan DINGtiid om een advies te geven aangaande de universitaire frisistiek.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

POSTADRES

/ Westersingel 4
\\ Keamer 0.11
/ 8913 CK Ljouwert

/ ynfo@dingtiid.frl
\\ www.dingtiid.frl
/ @dingtiid

Kolleezje fan Deputearre Steaten
o.f. Mr. S. Poepjes
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 30 desimber 2022

Achte deputearre Poepjes,

Yn juny 2021 ha jo in advysfersyk oan DINGtiid dien, oangeande de boarging fan de universitêre frisistyk. It fersyk is opnaam yn ús Wurkprogramma 2022/2023, dat troch Ryk en Provinsje goedkard is. Nei oanlieding hjirfan stjoere wy jo de taheakke advysbrief ta. Wy wize jo derop dat de advysbrief as in tuskenstasjon te beskôgjen is, in gefolch fan de dynamyk dêr't de frisistyk yn de rin fan 2022 yn bedarre en dy't kulminearre yn de moasje fan De Hoop & Van der Molen, ôfrûne novimber.

Jo fine yn de advybrief hantfetten om tegearre mei it Ryk – dy't dizze brief ek fan ús krijt, as ús oare primêre advyspartner – yn it oanstearde BFTK-proses alfêst te wurkjen oan de boarging fan in BA/MA Fryske taal- en letterkunde. Want dat proses kinne de BFTK-partners mei dit advysbrief al ynstarte, ornearje wy. As DINGtiid yn it BFTK-proses op dit punt noch in rol spylje kin – bygelyks troch in oerlistafel te organisearjen om ynhâldlike ynformaasje en draachflak te fasilitearjen – dogge we dat út soarte graach. Yntusken wurkje wy fierder oan ús advysdossier, dat neffens ferwachting yn de rin fan 2023 ree wêze sil.

Ut soarte binne wy ree om de advysbrief ta te ljochtsjen.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

ADVYSBRIEF UNIVERSITÊRE FRISISTYK

Desimber 2022

Oanrin

Yn juny 2021 hat Deputearre Steaten fan Fryslân DINGtiid om in advys frege oangeande de boarging fan de universitêre frisistyk, soks tsjin de eftergûn fan it Europeesk Hânfêst. Dat fersyk is sa opnommen yn it Wurkprogramma 2022/2023 fan DINGtiid:¹

“Op fersyk fan de Provinsje Fryslân start DINGtiid, as ferdjipping op it advystrajekt oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk (*Op 'e syk nei nije dynamyk*, 2020), in advystrajekt op oangeande de universitêre stúdzje fan Fryske taal- en letterkunde. Mear konkreet sil DINGtiid ûndersyk dwaan nei: 1) de wize wêrop't de universitêre stúdzje fan Fryske taal- en letterkunde yn Nederlân optimaal foarmjûn wurde kinne soe om djiptekennis fan it Frysk te boargjen; 2) dêrby te ynventarisearjen hokfoar praktyske, bestjoerlike en wetlike tûkelteammen oft dy foarm mei him meibringt, en 3) foarstellen te dwaan oer hoe't sokke tûkelteammen oersljochte wurde kinne soenen. As útgangspunt foar dit advys kin it Europeesk Hânfêst tsjinje, mear konkreet: de mooglikheden en ambysjes dy't it Hânfêst mooglik makket en de ynfloed dy't de universitêre frisistyk hat op it befoarderjen fan it Frysk binnen de ûnderskate domeinen dy't it Hânfêst ûnderkent.”

Mei de akseptaasje fan it Wurkprogramma troch Ryk en Provinsje is dit advys ek as frege advys troch it Ryk te beskôgjen.

DINGtiid hat fan jannewaris 2022 ôf mei it dossier oan de gong west. Yn de maitiid fan 2022 binne petearen fierd mei heechleararen, studinten, dosinten en provinsjale beliedsamtners.

Undertusken rûn de prosedueren foar in nije heechlearaar Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins (tenei: RUG), sûnt 1941 de iennichste folsleine learstoel yn Nederlân ('ordinariaat') en dêrmei al desennialang de 'stronghold' as it om universitêre frisistyk giet. De oanlieding wie it ferwachte emeritaat, ein 2022, fan de sittende heechlearaar Frysk fan de RUG, dy't fan 2008 ôf de learstoel beset hat. Der koe gjin gaadlike opfolger fûn wurde, die yn de simmer fan 2022 bliken. De RUG besleat ta it foarearst oanstellen fan in universitêr dosint yn dieltiid, wat ta in protte opskuor laat hat yn de Fryske mienskip, de regionale en úteinlik ek de nasjonale polityk.² De Committee of Experts fan de Ried fan Europa, dy't yn juny 2022 op besite wie yn Fryslân, hat dêr ek kundskip fan naam; de rapportaasje fan de ComEx dy't yn de maitiid fan 2023 ferwachte wurdt, is op it stuit fan skriuwen noch net útkaam, mar sil dêr sûnder mis op reflektearje.

Alle trelit hat fan ynfloed west op it advystrajekt fan DINGtiid, en derta laat dat it proses sa't wy dat yn it earstoan foar eagen hienen, geandewei oanpast wurde moast om doelmjittich te bliuwen. Dizze advysbrief is, fan gefolgen, eins in

¹ <https://dingtiid.fr/wp-content/uploads/2021/09/20210810-DINGtiid-oan-BZK-wurkprogramma-2022-2023.docx-1.pdf>

² DINGtiid hat sûnt juny 2022 in digitaal mediadossier byholden, dat op oanfraach rieplachte wurde kin; jo kinne dêrta in mail stjoere nei ynfo@dingtiid.fr.

tuskenstasjon wurden. Yn stee fan de fragen te beäntwurdzjen sa't dy yn ús Wurkprogramma stean, binne de oanbefellings yn dizze advysbrief der earst op rjochte om Ryk en Provinsje no alfêst hantfetten te jaan om dit lestige mar o sa wichtige dossier yn de kommende BFTK (2024-2028), dy't yn 2023 ûntwurpen wurdt, it goede plak te jaan. Foar it úteinlike advys, dat yn de rin fan 2023 te ferwachtsjen is, bliuwt it langetermyn doel foar alle partijen – Ryk, Provinsje, it 'Fryske fjild', de Fryske mienskip – in duorsume boarging fan in sichtbere, folsleine BA/MA Fryske taal- en letterkunde yn Nederlân.

Wetlik ramt

Yn 1992 hat it Ryk it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (hjinnei: Hânfêst) ûndertekene; it is yn 1998 yn wurking gien (foar it universitêr ûnderwiis yn it Frysk: sjoch Artikel 8 lid e). It Ryk hat boppedat yn 1995 it Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden tekene. Foar de emansipaasje fan it Frysk ha dy ûntjouwings krúsjaal west. Want de Europeeske ôfspraken ha it paad sljochte nei de Wet gebrûk Fryske taal (2014), dy't û.o. bepaalt dat it Frysk yn Fryslân in offisjele taal is (haadstik 1), dy't it plak fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear regelet (haadstik 2 resp. 3), en dy't laat hat ta de ynstelling fan in wetlik advysorgaan foar it Frysk: DINGtiid (haadstik 4).

Fierder is yntusken, by de Wet Primêr Underwiis en de Wet Fuortset Underwiis, regele dat it foech foar it Frysk yn it grûndearjend ûnderwiis (PÛ en FÛ) by Deputearre Steaten fan Fryslân leit. Foar oare ûnderdielen fan it ûnderwiis (foarskoalsk, mbû, spesjaal ûnderwiis, heger ûnderwiis) binne noch gjin spesifike wetlike regelings foar it Frysk oanbrocht.

De útfiering fan de Europeeske en nasjonale ôfspraken wurdt periodyk dellein yn de fiifjierrige Bestjoersôfspaak Fryske Taal en Kultuer (hjinnei: BFTK). De BFTK befettet de ambysjes en doelen oangeande it Frysk, en regelet de wurkôfspraken tusken Ryk en Provinsje Fryslân om de ôfspraken mei te ymplementearjen. De notiidske BFTK rint fan 2019-2023; yn 2023 wurdt in nije fiifjierrige BFTK (2024-2028) ûntwurpen en fêststeld.

Resinte ûntjouwings

De Europeeske en lanlike ôfspraken, en alles wat dêr wer út fuortkaam is, betsjutte in grutte formele en maatskiplike emansipaasje fan it Frysk, en ha laat ta in relatyf sterke ynfastruktuer (bgl. oerheid, ûnderwiis, media, kultuer). It is dan ek grif net om 'e nocht dat it Frysk der relatyf sterk foar stiet yn ferliking mei oare lytse talen fan Nederlân en Europa: it tal sprekkers bliuwt al desennialang relatyf stabyl.

It is lykwols tige de fraach oft dat sa bliuwe sil. Want de profesjonele ynfastruktuer fan it Frysk ferswakket al in skoftlang. Der binne bygelyks te min beliedsmeiwurkers, sjoernalisten, skriuwers, teatermakers, tolken, ûnderwiisynspekteurs, wittenskippers, dy't spesjalisearre binne yn de Fryske taal en de Fryske taalsituaasje; en ek – o sa wichtich – te min earste- en twaddegradsdosinten en dosintoplieders.³

In wichtige oarsaak dêrfan is de ôftakjende útstream fan profesjonals fan de universitêre opliedings Frysk – oftewol: de 'universitêre frisistyk' – dy't al in lang skoft

³ Twaddegradsdosinten Frysk kinne harren oplieding oan NHL Stenden hogeschool dwaan; de studinte-oantallen dêr binne goed op nivo (35 yn totaal, yn 2022/2023) – wat ek wol oanjout dat der wol deeglik merkpotinsje is om Frysk te studearjen.

geande is.⁴ En dat is op syn bar út soarte wer in gefolch fan in oprûgjende ynstream fan studinten oan de oplieding Frysk.

Haadstream: frisistyk

It is wichtich om hjir op te merken dat we ús realisearje dat profesjonals ek fan oare dissiplines as de frisistyk komme kinne. Sterker noch, it is goed en sûn dat in beskaat oanpart fan it profesjonele fjild fan oare dissiplines komt, lykas algemiene taalkunde, nearlandistyk, ûnderwiiskunde, pedagogyk, skiednis, etc. Mar sokke 'eksterne' streamen moatte de haadstream fersterkje, se moatte net dy haadstream sêls wêze of wurde. Dy haadstream is de frisistyk, dêr't de Fryske taal, kultuer, skiednis en mienskip it primêre stúdzje- en ûnderwiisobjekt yn binne.

Al salang't der oan universiteiten frisistyk bedreaun wurdt (dat begûn al fier fôar de Twadde Wrâldkriich mar it earste doktoraaleksamen is fan 1951), binne de studinten dy't Frysk as haadfak of as byfak / minor folge hawwe – en geregeldwei as twadde stúdzje – telâne kaam yn it hert fan 'it Fryske fjild', mei al syn fasetten. Dêr spilen en spylje sokken gauris in sintrale, sterk taalbefoarderjende rol, yn alle wichtige domeinen fan it Frysk.

Oant ca. 2000 wie der in relatyf goed lykwicht tusken it ferlet yn it fjild en de útstream oan de universiteiten. Ofstudearre frisisten kamen oan it wurk en organisaasjes waarden goed beminske. We sjogge lykwols in feroaring fan ca. 2000 ôf: de universitêre frisistyk begûn yn de hiele breedte efterút te buorkjen: yn in skoft fan in pear jier ferdwûnen learstuollen yn Leien en Amsterdam⁵ en de studintetallen yn Grins sakken, oant it punt dat him amper of soms sels gjin nije studinten foar de stúdzje Frysk oanmelden. Dat wie lykwols perfoarst net in ôfspegeling fan de wurkgelegenheid of de ambysjes mei it Frysk. Sterker noch: dy ambysjes gienen, terjochte, mei eltse nije BFTK krekt omheech, benammen op de wichtige mêden taalbelied en ûnderwiis. Dat kreëarre in spanning tusken de ôftakjende útstream fan frisisten en it stiigjende ferlet derfan op de arbeidsmerk.⁶

De situaasje ferbettere dêrnei spitigernôch net, en sadwaande waarden de gefolgen yn it fjild al mar sterker te fielen. Yn 2018 waard de needklok let op in dei oer de takomst fan de frisistyk,⁷ yn in notysje út 2020 hat DINGtiid, op basis fan in rige fjildpetearen, it probleem fan de regeneraasje sintraal steld foar in sûne kennisynfrastruktuer,⁸ en der binne op meardere sintrale plakken opfolgingswierrichheden binnen de frisistyk⁹ – wat tradisjoneel in yndikaasje fan in tige nuodlike situaasje is. Mar ek bûten it akademyske fjild wurde de problemen al

⁴ DINGtiid, *Op 'e syk nei nije dynamyk*, 2020.

⁵ Sjoch ek it oersjoch yn G. Jensma., *Exit Fryslân* (2022), s. 270-271.

⁶ Dy situaasje drige slimmer te wurden troch yngripjende beliedsûntjouwings oan de Ryksuniversiteit Grins yn 2012, dy't de sichtberheid fan de frisistyk lytser meitsje soenen en boppedat liede soenen ta in yngeande krimp yn fte, nei minder as 1. Dat late ta in alarmerjende brief fan Deputearre Steaten fan Fryslân oan it Kolleezje fan Bestjoer fan de RUG; DS tekene dêryn in skerp byld fan de knipende situaasje en lei de klam op de boarging fan in selsstannige BA/MA Fryske taal- en letterkunde. Brief d.d. 11 maaie 2021 (kenmerk: 01004519).

⁷ R.H. Bremmer e.a. (red.), *De takomst fan de frisistyk. Tradysje en fernijing* (2019).

⁸ DINGtiid, *Op 'e syk nei nije dynamyk*, 2020.

⁹ Fakatueres foar direkteur-bestjoerders by Tresoar (2022), Fryske Akademy (2021), en foar heechleararen oan de universiteiten fan Kiel en Grins (beide 2022) – allegearre kearnynstituten foar de Fryske taal – koenen net, of net yn ien kear, opfolle wurde.

mar knipender, lykas niis opmurken. De problemen spriede har dus út oer oare mêden as allinne kennis en ûnderwiis en reitsje yntusken oan alle domeinen fan it iepenbiere libben yn Fryslân.

Probleemskets

Dat is in grut probleem foar it Frysk en foar de Friezen. En dêrmei is it ek in grut probleem foar it Ryk. Mei de ratifikaasje fan it Hânfêst en it Ramtferdrach hat it Ryk de plicht op him naam om de belangen fan de Friezen en de posysje fan harren taal, it Frysk, te bewarjen en te behâlden, mar benammen ek om it Frysk duorsum te befoarderjen; net om 'e nocht brûkt it Hânfêst de fraze 'to protect and to promote' as it giet om de ferplichtingen fan de oerheid foar it Frysk oer. As ûndertekenjende en ratifisearjende oerheid is it Ryk ferdrachspartner fan it Europeesk Hânfest en dêrmei einferantwurdlik foar de útfiering fan it Hânfêst yn Nederlân. It moat de omstannichheden boargje wêrûnder't it Frysk net allinne fan in delgeande spiraal behoede wurdt, mar ek fersterke en befoardere wurde kin.

De nuodlike tendins as it giet om útstream fan studinten Frysk kin net oars as, yn de folle breedte, ta in efterútbuorkjende situaasje foar it Frysk liede. It Ryk sil op termyn net mear oan syn Europeeske ferplichtings foldwaan kinne. Dat sil dan ek liede ta negative beoardielings troch de Ried fan Europa.

It Ryk regelet syn taalbefoarderjende ynset, dêr't it him fia Hânfêst en Ramtferdrach oan ferbûn hat, benammen fia ôfspraken yn de BFTK. Dêrby wurdt de Provinsje – de oare BFTK-partner – meastal as ymplementearjende partij nei foarren skood. Dat wurket meastal goed, om't oare belutsen partijen yn Fryslân gauris ûnder it bewâld of de ynfloed falle fan de Provinsje; dêrmei kin de Provinsje dy partijen stimulearje ta of soms sels fergje op taalbefoarderjende maatregels of ôfspraken.

Soms, lykwols, falt sa'n oare belutsen partij nét ûnder it bewâld fan Ryk of Provinsje. Dat is bygelyks it gefal by de universiteiten, dy't yn Nederlân – sa't it ek heart yn in sûne demokrasy – in min of mear autonome posysje ha, sadat de akademyske frijheid net yn de knipe komt.

Op himsels is de ûnôfhinklike posysje fan de Nederlânske universiteiten fansels winsklik, mar foar it Frysk pakt dat net goed út. Mei it al mar sterker opkommende ekonomyske tinken yn de universitêre wrâld, dat sûnt in jier as tweintich liend is, ha 'lytse stúdzjes' – stúdzjes dy't net genôch studinten krije om ekonomysk rendabel te wêzen – it lestich. Se wurde om redenen fan efficiency gauris opnaam yn gruttere yntra-universitêre ferbannen, wêrtroch't se faak minder sichtber wurde en sadwaande noch minder studinten lûke. Soms ek wurdt it tal fte's nei ûnderen skroeve of wurde stúdzjes sels yn ien kear opheft.

Foar in protte lytse stúdzjes is dat in drôvich lot, dêr't se spitigernôch amper oan ûntkomme kinne om't der gjin juridyske basis is om har op te beroppen.¹⁰ Yn sokke gefallen moat men it ha fan de beliedskar oan in universiteit oft it oangeande fakgebiet dochs noch behâlden of sels stimulearre wurdt. Mar troch de autonome

¹⁰ Sjoch bygelyks de rapporten *Baby Krishna. Rapport van de Adviescommissie Kleine Letteren* (1992) en *Vensters op de wereld* (2002), beide yn ultimo fuortkommend út it wurk fan de Adviescommissie Kleine Letteren ('Commissie-Staal'), dy't nei oanlieding fan de nuodlike situaasje yn de oriïntalistyk yn 1989 ynstallearre waard. Sjoch it ynstellingsbeslút: <https://wetten.overheid.nl/BWBR0004600/1989-07-18>.

posysje fan de universiteiten kin soks binnen in universiteit samar feroarje. Der is dus gjin sprake fan werklike en duorsume boarging.

Foar it Frysk leit it lân der lykwols krekt wat oars hinne. Want foar Frysk ûnderwiis oan de Nederlânske universiteiten is wól in juridyske basis. Ommers: mei it ûndertekenjen fan part III, kêst 8, par.1.e.ii (oer it heger ûnderwiis) fan it Hânfest hat Nederlân him oangeande de ûnder it Hânfêst erkende talen (lykas it Frysk) derta ferplichte "(...) to provide facilities for the study of these languages as university and higher education subjects".

Universitêre frisistyk yn de BFTK

Yn de rin fan de tiid is de universitêre frisistyk op ûnderskate wizen behannele yn de BFTK. As we it gearfetsje, komt it derop del dat de BFTK 2001-2010 noch in ôfspiegeling is fan de relatyf stabile situaasje yn de universitêre frisistyk fan goed tweintich jier lyn. Nei 2011, yn in BFTK-leaze perioade, feroare de situaasje fluch, benammen om't de studientallen slim tebekrûn wienen en de oplieding gefaar rûn om yn in grutter ferbân binnen de RUG ('Europeeske Talen & Kultueren') opnaam te wurden en sa minder sichtber te wurden; net om 'e nocht hie Deputearre Steaten fan Fryslân yn maaie 2012 in brânbrieff oer de beliedsûntjouwings stjoerd oan it Kolleezje fan Bestjoer fan de RUG (sjoch noat 6). De situaasje late ta in eksperimint, diel fan de BFTK (2013-2018), om it Frysk as 'track' ûnder te bringen yn in nije oplieding, 'Minorities & Multilingualism'. Mei de BFTK (2019-2023) waard dy situaasje fuortset, ek al wienen de studientallen op dat stuit noch hieltiten min te neamen. Der wie foar de oplieding Frysk yntusken neat wêzentliks feroare oan de ynstream, wat de eardere heechlearaar (emeritaat: oktober 2022) derta brocht hat om it eksperimint as mislearre te beskôgjen foar wat it beëage positive effekt foar it Frysk oangiet. Op it stuit fan skriuwen is noch ûnwis hoe't de universitêre frisistyk plak krije sil yn de kommende BFTK (2024-2028). Wol is it wichtich dat ein novimber 2022 de Twadde Keamer-leden De Hoop & Van der Molen in moasje yntsjinne ha, dy't (op ien stim nei) ek unanym oannaam is, om it universitêre ûnderwiis foar it Frysk, yn line mei it Europeesk Hânfêst, wetlik te ferankerjen.¹¹

Oplossingsrjochtingen en oanbefellings

De moasje fan De Hoop & Van der Molen is in game-changer: de oprop yn de nasjonale polityk oan it regear om de universitêre frisistyk, yn line mei it Europeesk Hânfêst, wetlik te ferankerjen, jout in nije eftergrûn oan it dossier. It smyt net allinne de fraach op hoe't sokke wetlike ferankering it bêste stal jûn wurde kin, mar ek hoe't finansiering en kurrikulumûntwerp dêr in rol by spylje. DINGtiid beheint him yn dizze faze fan it advystrajekt ta it earste.

Der binne ferskate oplossingsrjochtingen foar wetlike ferankering tinkber, lykas:

- de Wet op heger ûnderwiis en wittenskiplik ûndersyk
- de Wet gebrûk Fryske taal
- in konvenant tusken Ryk en VSNU

¹¹ <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/moties/detail?id=2022Z23152&did=2022D49943>

Yn de praktyk is ek in kombinaasje fan dizze oplossingsrjochtingen tinkber, bygelyks: in ferwizing yn de Wet gebrûk Fryske taal of de Wet op heger ûnderwiis en wittenskiplik ûndersyk nei in konvenant tusken Ryk en VSNU.

Mei klam wize we derop dat de BFTK net it plak is om in ferankering of in boarging mei te regeljen: de BFTK is in útfieringsynstrumint, dat alle fiif jierren fannijs ûntwurpen wurdt. Wol is de BFTK in gaadlik plak om it proses nei ferankering yn ôf te praten. En dat is ek wat DINGtiid as wichtichste oanbefelling mei jaan wol oan Ryk en Provinsje:

Oanbefellings (Ryk en Provinsje)

- Sprek mei-inoar yn de BFTK (2024-2028) ôf dat in universitêre BA/MA Fryske taal- en letterkunde, yn line mei it Europeesk Hânfêst, wetlik boarge wurdt yn de rintiid fan dy BFTK.
- Soargje dat healweis de rintiid fan de BFTK (2024-2028), mar uterlik fóar de tuskenevaluaasje: 1) dúdlik is hokker (kombinaasje fan) wetlike ynstruminten oft dêrfoar ynset wurde; 2) dêr breed polityk, maatskiplik en akademysk draachflak ûnder leit; 3) dúdlik is hoe't universitêr ûndersyk en ûnderwiis ynhâldlik ynfolle wurde kinne; en 4) dúdlik is wat de finansjele ymplikaasjes binne en wat it ûnderlizzend finansjele ynstrumintarium wurdt. Sa kin de twadde helte fan de rintiid brûkt wurde foar it wetjouwingsproses en it regeljen fan de nedige middels, dy't beide dan uterlik yn 2028 fêststeld wêze moatte soenen.
- Belûk sawol de KNAW as de heechleararen/fakgroepen Frysk by de fraach hoe't de universitêre frisyk yn Nederlân ynhâldlik – sawol as it giet om it kurrikulum as om de profilen fan de learstuollen – it bêste stal jûn wurde kin, en benammen ek hoe't frisyk en nearlandistyk inoar fersterkje kinne.
- Befoarderje dat der meardere learstuollen Frysk oan Nederlânske universiteiten binne.
- Stimulearje en fasilitearje universiteiten om eventuele finansjele of praktyske tûkelteammen foar potinsjele studinten om Frysk te studearjen, te sljochtsjen.

College van Gedeputeerde Staten
t.a.v. Mr. S. Poepjes
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Leeuwarden, 30 december 2022

Geachte gedeputeerde Poepjes,

In juni 2021 deed u een adviesverzoek aan DINGtiid, met betrekking tot de borging van de universitaire frisistiek. Het dossier werd opgenomen in ons Werkprogramma 2022/2023, dat door Rijk en Provincie is goedgekeurd. Naar aanleiding hiervan zenden wij u de bijgevoegde adviesbrief toe. Wij wijzen erop dat u de adviesbrief als een tussenstation dient te beschouwen, een gevolg van de plotseling sterk toenemende dynamiek rondom de frisistiek in de loop van 2022, culminerend in de motie van De Hoop & Van der Molen, afgelopen november.

U vindt in de adviesbrief handvaten om samen met het Rijk – dat deze brief ook van ons krijgt, als onze andere primaire adviespartner – in het aanstaande BFTK-proces alvast te werken aan de borging van een BA/MA Friese taal- en letterkunde. Want dat proces kunnen de BFTK-partners met deze adviesbrief al starten, naar onze mening. Als DINGtiid in het BFTK-proces op dit punt nog een rol kan spelen – bijvoorbeeld door een overlegtafel te organiseren om inhoudelijke informatie en draagvlak te faciliteren – doen we dat uiteraard graag. Intussen werken wij verder aan ons adviesdossier, dat naar verwachting in de loop van 2023 zal zijn afgerond.

Uiteraard zijn wij bereid de adviesbrief toe te lichten.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster
Voorzitter DINGtiid

ADVIESBRIEF UNIVERSITAIRE FRISISTIEK

December 2022

Aanloop

In juni 2021 heeft Gedeputeerde Staten van Fryslân DINGtiid om een advies gevraagd rondom de borging van de universitaire frisistiek, dit tegen de achtergrond van het Europees Handvest. Dit verzoek is als volgt opgenomen in het Werkprogramma 2022/2023 van DINGtiid:¹²

“Op verzoek van de provincie Fryslân start DINGtiid, als verdieping op het adviestraject inzake de kennisinfrastructuur van het Fries (‘Op zoek naar nieuwe dynamiek’, 2020), een adviestraject op betreffende de universitaire studie van Friese taal- en letterkunde. Meer concreet zal DINGtiid onderzoek doen naar: 1) de manier waarop de universitaire studie van Friese taal- en letterkunde in Nederland optimaal zou kunnen worden vormgegeven om dieptekennis van het Fries te borgen; 2) daarbij te inventariseren welke praktische, bestuurlijke en wettelijke hindernissen die vorm met zich meebrengt, en 3) voorstellen te doen over hoe zulke hindernissen getackeld zouden kunnen worden. Als uitgangspunt voor dit advies kan het Europees Handvest dienen, meer concreet: de mogelijkheden en ambities die het Handvest mogelijk maakt en de invloed die de universitaire frisistiek heeft op het bevorderen van het Fries binnen de verschillende domeinen die het Handvest onderkent.”

Met de acceptatie van het Werkprogramma door Rijk en Provincie is dit advies ook als gevraagd advies door het Rijk te beschouwen.

DINGtiid is vanaf januari 2022 met het dossier bezig geweest. In het voorjaar van 2022 zijn gesprekken gevoerd met hoogleraren, studenten, docenten en provinciale beleidsambtenaren. Ondertussen liep de procedure voor een nieuwe hoogleraar Fries aan de Rijksuniversiteit Groningen (hierna: RUG), sinds 1941 de enige volledige leerstoel in Nederland (‘ordinariaat’) en daarmee al decennialang de ‘stronghold’ als het om universitaire frisistiek gaat. De aanleiding was het verwachte emeritaat, eind 2022, van de zittende hoogleraar Fries van de RUG, die vanaf 2008 de leerstoel heeft bekleed. Er kon geen geschikte opvolger worden gevonden, bleek in de zomer van 2022. De RUG besloot tot het voorlopig aanstellen van een universitair docent in deeltijd, wat tot veel ophef leidde in de Friese samenleving, de regionale en uiteindelijk ook de nationale politiek.¹³ De Committee of Experts van de Raad van Europa, die in juni 2022 op bezoek was in Fryslân, heeft daar ook kennis van genomen; de rapportage van de ComEx die in het voorjaar van 2023 wordt verwacht, is op het moment van schrijven nog niet uitgekomen, maar zal daar zonder twijfel op reflecteren.

¹² <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2021/09/20210810-DINGtiid-oan-BZK-werkprogramma-2022-2023.docx-1.pdf>

¹³ DINGtiid heeft sinds juni 2022 een digitaal mediadossier bijgehouden dat op aanvraag kan worden geraadpleegd; u kunt hiervoor een e-mail sturen naar ynfo@dingtiid.frl.

Alle opschudding is van invloed geweest op het adviestraject van DINGtiid, en heeft ertoe geleid dat het proces zoals wij dat aanvankelijk voor ogen hadden, gaandeweg moest worden aangepast om doelmatig te blijven. Deze adviesbrief is, zodoende, eigenlijk een tussenstation geworden. In plaats van de vragen te beantwoorden zoals die in ons Werkprogramma staan, zijn de aanbevelingen in deze adviesbrief er eerst op gericht om Rijk en Provincie nu alvast handvaten te geven om dit lastige, maar zeer belangrijke dossier in de komende BFTK (2024-2028), die in 2023 wordt ontworpen, de juiste plaats te geven. Voor het uiteindelijke advies, dat in de loop van 2023 te verwachten is, blijft het langetermijndoel voor alle partijen – Rijk, Provincie, het 'Friese veld', de Friese samenleving – een duurzame borging van een zichtbare, volledige BA/MA Friese taal- en letterkunde in Nederland.

Wettelijk kader

In 1992 heeft het Rijk het Europees Handvest voor Regionale of Minderheidstalen (hierna: Handvest) ondertekend; het is in 1998 in werking getreden (voor het universitair onderwijs in het Fries: zie Artikel 8 lid e). Het Rijk heeft bovendien in 1995 het Kaderverdrag voor de Bescherming van Nationale Minderheden ondertekend. Voor de emancipatie van het Fries zijn die ontwikkelingen cruciaal geweest. Want de Europese afspraken hebben het pad geëffend naar de Wet gebruik Friese taal (2014), die o.a. bepaalt dat het Fries in Fryslân een officiële taal is (hoofdstuk 1), die de plaats van het Fries in het bestuurlijk en rechtsverkeer regelt (hoofdstuk 2 resp. 3), en die heeft geleid tot de instelling van een wettelijk adviesorgaan voor het Fries: DINGtiid (hoofdstuk 4).

Daarnaast is intussen, door middel van de Wet Primair Onderwijs en de Wet Voortgezet Onderwijs, geregeld dat de bevoegdheid voor het Fries in het funderend onderwijs bij Gedeputeerde Staten van Fryslân berust. Voor andere onderdelen van het onderwijs (voorschools, mbo, speciaal onderwijs, hoger onderwijs) zijn nog geen specifieke wettelijke regelingen voor het Fries ingericht.

De uitvoering van de Europese en nationale afspraken krijgt periodiek invulling via de vijfjaarlijkse Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur (hierna: BFTK). De BFTK bevat de ambities en doelen ten aanzien van het Fries, en regelt de werkafspraken tussen Rijk en Provincie Fryslân om de afspraken mee te implementeren. De huidige BFTK loopt van 2019-2023; in 2023 wordt een nieuwe vijfjaarlijkse BFTK (2024-2028) ontworpen en vastgesteld.

Recente ontwikkelingen

De Europese en landelijke afspraken, en alles wat daar weer uit voortgekomen is, betekenden een grote formele en maatschappelijke emancipatie van het Fries, en hebben geleid tot een relatief sterke infrastructuur (bijv. overheid, onderwijs, media, cultuur). Een gevolg hiervan is dat het Fries er relatief sterk voor staat in vergelijking met andere kleine talen van Nederland en Europa: het aantal sprekers blijft al decennialang relatief stabiel.

Het is echter zeer de vraag of dat zo zal blijven. Want de professionele infrastructuur van het Fries is al een poos aan verzwakking onderhevig. Zo zijn er te weinig beleidsmedewerkers, journalisten, schrijvers, theatermakers, tolken, onderwijsinspecteurs, wetenschappers, die gespecialiseerd zijn in de Friese taal en de Friese taalsituatie; en ook – uiterst belangrijk – te weinig eerste- en

tweedegraadsdocenten en docentopleiders.¹⁴ Een belangrijke oorzaak daarvan is de afnemende uitstroom van professionals van de universitaire opleidingen Fries – oftewel: de ‘universitaire frisiertiek’ – die al geruime tijd gaande is.¹⁵ En dat is op zijn beurt uiteraard weer een gevolg van een opdrogende instroom van studenten aan de opleiding Fries.

Hoofdstroom: frisiertiek

Het is van belang om op te merken dat we ons realiseren dat professionals ook van andere disciplines dan de frisiertiek kunnen komen. Sterker nog, het is goed en gezond dat een zeker aandeel van het professionele veld van andere disciplines komt, zoals algemene taalkunde, neerlandistiek, onderwijskunde, pedagogiek, geschiedenis, etc. Maar zulke ‘externe’ stromen moeten de hoofdstroom versterken, ze moeten niet die hoofdstroom zélf zijn of worden. Deze hoofdstroom is de frisiertiek, waarin de Friese taal, cultuur, geschiedenis en samenleving het primaire studie- en onderwijsobject zijn.

Al zolang er aan universiteiten frisiertiek wordt bedreven (dat begon al ver voor de Tweede Wereldoorlog maar het eerste doctoraalexamen is van 1951), vonden de studenten die Fries als hoofdvak of als bijvak/minor hebben gevolgd – en vaak als tweede studie – hun bestemming in het hart van ‘het Friese veld’, met al zijn facetten. Daar speelden en spelen ze vaak een centrale, sterk taalbevorderende rol, in alle belangrijke domeinen van het Fries.

Tot ca. 2000 was er een relatief goed evenwicht tussen de behoefte in het veld en de uitstroom aan de universiteiten. Afgestudeerde fristen kwamen aan het werk en organisaties werden goed bemand. We zien echter een verandering vanaf ca. 2000: de universitaire frisiertiek verzwakte over de volle breedte: in een tijd van enkele jaren verdwenen leerstoelen in Leiden en Amsterdam¹⁶ en de studentenaantallen in Groningen verminderden, tot het punt dat zich weinig of soms zelfs geen nieuwe studenten voor de studie Fries aanmeldden. Dat was echter absoluut geen afspiegeling van de werkgelegenheid of de ambities met het Fries. Sterker nog: die ambities gingen, terecht, met elke nieuwe BFTK juist omhoog, vooral op de belangrijke gebieden taalbeleid en onderwijs. Dat creëerde een spanning tussen de afnemende uitstroom van fristen en de stijgende behoefte ervan op de arbeidsmarkt.¹⁷

De situatie verbeterde helaas niet, waardoor de gevolgen in het veld alsmaar sterker werden gevoeld. In 2018 werd de noodklok geluid op een dag over de toekomst van de frisiertiek;¹⁸ in een notitie uit 2020 heeft DINGtijd op basis van een reeks

¹⁴ Tweedegraadsdocenten Fries kunnen hun opleiding aan NHL Stenden Hogeschool volgen; de studentenaantallen daar zijn goed op niveau (35 in totaal, in 2022/2023) – wat overigens wel aangeeft dat er wel degelijk marktpotentie is om Fries te studeren.

¹⁵ DINGtijd, *Op zoek naar nieuwe dynamiek*, 2020.

¹⁶ Zie ook het overzicht in G. Jensma., *Exit Fryslân* (2022), p. 270-271.

¹⁷ Deze situatie dreigde erger te worden door ingrijpende beleidsontwikkelingen aan de Rijksuniversiteit Groningen in 2012, die de zichtbaarheid van de frisiertiek kleiner zouden maken en bovendien zouden leiden tot een grondige krimp in fte, tot minder dan 1. Dat leidde tot een alarmerende brief van Gedeputeerde Staten van Fryslân aan het College van Bestuur van de RUG; GS tekende hierin een scherp beeld van de nijpende situatie en benadrukte de borging van een zelfstandige BA/MA Friese taal- en letterkunde. Brief d.d. 11 mei 2021 (provinciaal kenmerk: 01004519).

¹⁸ R.H. Bremmer e.a. (red.), *De takomst fan de fristryk. Tradysje en fernijing* (2019).

veldgesprekken het probleem van de regeneratie centraal gesteld voor een gezonde kennisinfrastructuur;¹⁹ en er zijn op meerdere centrale plekken opvolgingsproblemen binnen de frisistiek ²⁰ – traditioneel een indicatie van een zeer zorgelijke situatie. Maar ook buiten het academische veld worden de problemen telkens nijpender, zoals hierboven opgemerkt. De problemen vloeien dus over in andere gebieden dan alleen kennis en onderwijs en raken inmiddels aan alle domeinen van het openbare leven in Fryslân.

Probleemschets

Dat is een groot probleem voor het Fries en voor de Friezen. En daarmee is het ook een groot probleem voor het Rijk. Met de ratificatie van het Handvest en het Kaderverdrag heeft het Rijk de plicht op zich genomen om de belangen van de Friezen en de positie van hun taal, het Fries, te bewaren en te behouden, maar vooral ook om het Fries duurzaam te bevorderen; niet voor niets gebruikt het Handvest de zinsnede ‘to protect and to promote’ als het gaat om de verplichtingen van de overheid tegenover het Fries. Als ondertekenende en ratificerende overheid is het Rijk verdragspartner van het Europees Handvest en daarmee eindverantwoordelijk voor de uitvoering van het Handvest in Nederland. Het moet de omstandigheden borgen waaronder het Fries niet alleen voor een neergaande spiraal wordt behoed, maar ook versterkt en bevorderd kan worden. De zorgelijke tendens wat betreft de uitstroom van studenten Fries kan niet anders dan, over de volle breedte, tot een vicieuze cirkel voor het Fries leiden. Het Rijk zal op termijn niet meer aan zijn Europese verplichtingen kunnen voldoen. Dat zal op zijn beurt weer leiden tot negatieve beoordelingen door de Raad van Europa.

Het Rijk regelt zijn taalbevorderende inzet, waaraan het zich via Handvest en Kaderverdrag heeft verbonden, hoofdzakelijk via afspraken in de BFTK. Hierbij wordt de Provincie – de andere BFTK-partner – meestal als implementerende partij naar voren geschoven. Dat werkt meestal goed, omdat andere betrokken partijen in Fryslân vaak onder het gezag of de invloed vallen van de Provincie; daarmee kan de Provincie deze partijen stimuleren – of soms zelfs instrueren – tot taalbevorderende maatregelen of afspraken.

Soms, echter, valt zo'n andere betrokken partij niet onder het gezag van Rijk of Provincie. Dat is bijvoorbeeld het geval bij de universiteiten, die in Nederland – zoals het ook hoort in een gezonde democratie – een min of meer autonome positie hebben, zodat de academische vrijheid niet in het geding komt.

Op zich is de onafhankelijke positie van de Nederlandse universiteiten uiteraard wenselijk, maar voor het Fries pakt dat niet goed uit. Met het alsmaar sterker opkomende economisch denken in de universitaire wereld, dat sinds een jaar of twintig leidend is, hebben ‘kleine studies’ – studies die niet genoeg studenten krijgen om economisch rendabel te zijn – het lastig. Ze worden om redenen van efficiency vaak opgenomen in grotere intra-universitaire verbanden, waardoor ze vaak minder zichtbaar worden en zodoende nog minder studenten trekken. Soms ook wordt het aantal fte's naar beneden geschroefd of worden studies zelfs in één klap opgeheven.

¹⁹ DINGtijd, *Op zoek naar nieuwe dynamiek*, 2020.

²⁰ Vacatures voor directeur-bestuurders bij Tresoar (2022), Fryske Akademy (2021), en voor hoogleraren aan de universiteiten van Kiel en Groningen (beide 2022) – allemaal kerninstituten voor de Friese taal – konden niet, of niet in een keer, worden opgevuld.

Voor veel kleine studies is dit een droevig lot, waaraan ze helaas nauwelijks kunnen ontsnappen, omdat er geen juridische basis is om zich op te beroepen.²¹ In zulke gevallen hangt het af van de beleidskeuze aan een universiteit of het betreffende vakgebied alsnog behouden of zelfs gestimuleerd wordt. Maar door de autonome positie van de universiteiten kan dit binnen een universiteit op ieder moment veranderen. Er is dus geen sprake van werkelijke en duurzame borging. Voor het Fries is de situatie echter anders. Want voor Fries onderwijs aan de Nederlandse universiteiten is wél een juridische basis. Immers: met de ondertekening van deel III, artikel 8, par. 1. e. ii (over het hoger onderwijs) van het Handvest heeft Nederland zich inzake de onder het Handvest erkende talen (zoals het Fries) ertoe verplicht "(...) to provide facilities for the study of these languages as university and higher education subjects".

Universitaire frisistiek in de BFTK

In de loop der jaren is de universitaire frisistiek op verschillende manieren behandeld in de BFTK. Samenvattend komt het erop neer dat de BFTK 2001-2010 nog een afspiegeling is van de relatief stabiele situatie in de universitaire frisistiek van ruim twintig jaar geleden. Na 2011, in een BFTK-loze periode, veranderde de situatie in hoog tempo, vooral omdat de studentenaantallen sterk waren teruggelopen en de opleiding in een groter verband binnen de RUG ('Europese Talen & Culturen') opgenomen en zo minder zichtbaar dreigde te worden; niet zonder reden had Gedeputeerde Staten van Fryslân in mei 2012 een brandbrief over de beleidsontwikkelingen gestuurd aan het College van Bestuur van de RUG (zie noot 6). De situatie leidde tot een experiment, vastgelegd in de BFTK (2013-2018), om het Fries als 'track' onder te brengen in een nieuwe opleiding, 'Minorities & Multilingualism'. Met de BFTK (2019-2023) werd deze situatie voortgezet, ook al waren de studentenaantallen op dat moment nog steeds slecht te noemen. Er was voor de opleiding Fries intussen niets wezenlijks veranderd aan de instroom, wat de vroegere hoogleraar (emeritaat: oktober 2022) ertoe heeft gebracht om het experiment als mislukt te beschouwen voor wat het beoogde positieve effect voor het Fries betreft.

Op het moment van schrijven is nog onzeker hoe de universitaire frisistiek in de komende BFTK (2024-2028) wordt gepositioneerd. Wel is het van groot belang dat eind november 2022 de Tweede Kamerleden De Hoop & Van der Molen een motie hebben ingediend, die (op één stem na) ook unaniem is aangenomen, om het universitaire onderwijs voor het Fries, in lijn met het Europees Handvest, wettelijk te verankeren.²²

²¹ Zie bijvoorbeeld de rapporten *Baby Krishna. Rapport van de Adviescommissie Kleine Letteren* (1992) en *Vensters op de wereld* (2002), beide in ultimo voortvloeiend uit het werk van de Adviescommissie Kleine Letteren ('Commissie-Staal'), die naar aanleiding van de zorgelijke situatie in de oriëntalistiek in 1989 werd geïnstalleerd. Zie het instellingsbesluit: <https://wetten.overheid.nl/BWBR0004600/1989-07-18>.

²² <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/moties/detail?id=2022Z23152&did=2022D49943>

Oplossingsrichtingen en aanbevelingen

De motie van De Hoop & Van der Molen is een game-changer: de oproep in de nationale politiek aan de regering om de universitaire frisistiek, in lijn met het Europees Handvest, wettelijk te verankeren, geeft een nieuwe achtergrond aan het dossier. Het werpt niet alleen de vraag op hoe zulke wettelijke verankering het beste kan worden vormgegeven, maar ook hoe financiering en curriculumontwerp daar een rol bij spelen. DINGtiid beperkt zich in deze fase van zijn adviestraject tot het eerste.

Er zijn diverse oplossingsrichtingen voor wettelijke verankering denkbaar, zoals:

- de Wet op het hoger onderwijs en wetenschappelijk onderzoek
- de Wet gebruik Friese taal
- een convenant tussen Rijk en VSNU

In de praktijk is ook een combinatie van deze oplossingsrichtingen denkbaar, bijvoorbeeld: een verwijzing in de Wet gebruik Friese taal of de Wet op het hoger onderwijs en wetenschappelijk onderzoek naar een convenant tussen Rijk en VSNU. We wijzen er nadrukkelijk op dat de BFTK niet de plek is voor verankering of borging: de BFTK is een uitvoeringsinstrument, dat elke vijf jaar opnieuw wordt ontworpen. Wel is de BFTK een geschikte plaats om het proces richting verankering te regelen. En dat is ook wat DINGtiid als belangrijkste aanbeveling meegeeft aan Rijk en Provincie:

Aanbevelingen (Rijk en Provincie)

- Spreek af dat in de BFTK (2024-2028) een universitaire BA/MA Friese taal- en letterkunde, in lijn met het Europees Handvest, wettelijk wordt geborgd in de looptijd van deze BFTK.
- Zorg dat halverwege de looptijd van de BFTK (2024-2028), maar uiterlijk vóór de tussenevaluatie: 1) duidelijk is welke (combinatie van) wettelijke instrumenten hiervoor worden ingezet; 2) hieronder breed politiek, maatschappelijk en academisch draagvlak ligt; 3) duidelijk is hoe universitair onderzoek en onderwijs inhoudelijk kunnen worden ingevuld; en 4) duidelijk is wat de financiële implicaties zijn en wat het onderliggende financiële instrumentarium wordt. Zo kan de tweede helft van de looptijd worden gebruikt voor het wetgevingsproces en het regelen van de nodige middelen, die beide dan uiterlijk in 2028 zouden moeten zijn vastgesteld.
- Gebruik zowel de KNAW als de hoogleraren/vakgroepen Fries bij de vraag hoe de universitaire frisistiek in Nederland inhoudelijk – zowel als het gaat om het curriculum als om de profielen van de leerstoelen – het beste vormgegeven kan worden, en vooral ook hoe frisistiek en neerlandistiek elkaar kunnen versterken.
- Bevorder dat er meerdere leerstoelen Fries aan Nederlandse universiteiten zijn.
- Stimuleer en faciliteer universiteiten om eventuele financiële of praktische hindernissen voor potentiële studenten om Fries te studeren, weg te nemen.